

Nijsbrief Gemeente Westerwert en Mantgum Maaie-Septimber 2018

Bêste minsken ferbûn mei de gemeenten fan Westerwert en Mantgum,

Yn dizze nijsbrief fine jim ynformaasje oer it tsjerklik libben yn de doarpen Jellum-Bears, Jorwert, Mantgum en Weidum.

Dit kear binne dit de ûnderdielen:

1. Tsjerketsjinsten Westerwert-Mantgum
2. Nijkleaster Pinkster Paad
3. Popma Verkooptentoonstelling
4. Midsimmer op Westerhûs
5. Stilte middei by Nijkleaster (14 july, 13.00-17.00)
6. Ut 'e Pastorij: Op reis nei Afrika.
(ds. Wagenaar ôfwêzich yn augustus en septimber 2018)

Mei in hertlike groetnis fan de tsjerkeried fan

Westerwert - Mantgum.



1. TSJINSTEN WESTERWERT-MANTGUM (en Nijkleaster)

20 maaie	Kleastersnein (Jorwert, 09.30/Pinkstertsjinst)
21 maaie	Nijkleaster Pinkster Paad (NPP)
27 maaie	Gjin tsjinst yn ús tsjerken. Wol yn Itens mei it froulju's koar Greidelûd (ds. Wagenaar/10.00)
3 juny	Tsjinst yn Weidum (09.30/ Brea en Wyn)
10 juny	Tsjinst yn Mantgum (09.30)
17 juny	Kleastersnein (Jorwert, 09.30/ Dooptsjinst)
24 juny	Gjin tsjinst yn ús tsjerken. Wol yn Itens (10.00)
1 july	Tsjinst yn Bears (mei de boat foar de bern)
8 july	Tsjinst yn Mantgum (09.30/ Brea en Wyn)
15 july	Kleastersnein (Jorwert, 09.30)
22 july	gjin tsjinst
29 july	Regio tsjinst yn Mantgum (09.30)

Yn augustus binne der gjin tsjinsten yn ús tsjerken

2 septimber	Tsjinst yn Weidum (09.30/ ds. Andries Kobus)
9 septimber	Tsjinst yn Mantgum (09.30/ ds. Jan Strikwerda)
16 septimber	Túnpreek yn Jorwert (10.00/ ds. Willemien Keuning)
23 septimber	Gjin tsjinst yn ús tsjerken
30 septimber	Regiotsjinst yn Húns-Leons (09.30)

- Elke woansdeitemoarn is der in kleastermoarn yn de tsjerke fan Jorwert mei in moarnsgebed fan 09.30 – 10.00 oere. Dat giet de hiele simmer ek troch.
- Ds. Wagenaar ôfwêzich yn augustus en septimber 2018.

2. Nijkleaster Pinkster Paad

Op 21 mei 2018, Tweede Pinksterdag, organisearret Nijkleaster foar de 6e kear in meditatieve wandeldag: het Nijkleaster Pinkster Paad 2018. Dit jaer kiezen we foar het thema: veelstemmig en meertalig! Het Pinksterverhaal gaat over mensen die allemaal begonnen te spreken in vreemde talen, 'zoals hun door de Geest werd ingegeven'.

Lopend door de dorpen en weilanden rondom Jorwert horen we mensen in verschillende talen spreken. Als we zingen – in de kerk en later ook buiten – oefenen we in meerstemmig

zingen. We gaan op zoek naar onze eigen klank, onze eigen stem. Er zijn ook uitdagingen en zorgen. Horen we de stem van de grutto nog of van de kievit? Horen we de stem van God nog in al onze bezigheden? Horen we onze naaste nog spreken?

We nodigen je van harte uit om in al die stemmen en talen mee te lopen. Om te luisteren, rustig te worden, langzamer te gaan lopen en ons al wandelend en genietend met elkaar te verbinden!

Praktische informatie:

Kosten: € 15,00 per persoon. Is het bedrag voor u een probleem? U kunt ook een lager bedrag betalen of gratis meedoen. U bent uiteraard van harte welkom! Geef het even aan bij uw aanmelding. Wij gaan hier vanzelfsprekend vertrouwelijk mee om.

9.00: de lange tocht start in de kerk (18 km)

12.00: de korte tocht start in de kerk (6 km)

15.30: beide groepen weer terug in de kerk en is er een korte afsluitende viering.

Schoenen: Trek goede wandelschoenen aan. We lopen deels over onverhard pad.

3. Popma Verkooptentoonstelling (2-3 juni)

Stifting Nijkleaster houdt op zaterdag 2 en zondag 3 juni een verkooptentoonstelling voor het werk van kunstenaar Jentsje Popma. De kunstenaar schonk enkele jaren geleden zijn atelier en al zijn werk aan Nijkleaster, met de bedoeling het werk te gelde te maken. De opbrengst is bestemd voor de bouw van het nieuw te realiseren klooster op de locatie Westerhûs, vlak buiten Jorwert.

Veelzijdig kunstenaar Jentsje Popma (1921) was als glazenier werkzaam tot 1968. Hij maakte glas in loodramen voor onder meer de gemeentehuizen in Vlagtwedde en Schiermonnikoog. Als beeldhouwer maakte hij diverse wandreliëfs en vrijstaand werk. Het beeld van Anne Vondeling (1981, Nieuwestad in Leeuwarden) is misschien wel zijn bekendste werk in de openbare ruimte. In 2015 doneerde hij zijn atelier en al zijn kunstwerken aan Stifting Nijkleaster.

Op deze verkooptentoonstelling wordt het hoofddeel ingenomen door geschilderde landschappen, die hij 'en plein air' maakte, want zo was naar zijn gevoel de ervaring van het landschap het meest intensief. Ook zijn tekeningen te zien (naakten), een glas-in-lood werk, enkele keramische koppen en portretten.

De verkooptentoonstelling wordt gehouden in de Redbadtsjerke in Jorwert op zaterdag 2 en zondag 3 juni. Beide dagen is de kerk geopend van 11.00 – 17.00.

4. Midsimmer op Westerhûs

Foarich jier hat Nijkleaster de Canto Ostinato mei Wiebe Kaspers organisearre op 21 juny. Dit jier dogge wy hiel wat oars: **In midsimmerjûn mei ferhalen by it fjoer**. Wy begjinne om 21.00 oere op Westerhûs by in fjoer. Ferhaleferteller Willem Feijten fan 'Het Kleine Paradijs' (út Easterein) sil in sinnewende-ferhaal fertelle en makket mei ús **fakkels** by it fjoer. Dit is ek foar bern en jongeren prachtich om te dwaan. Sa'n soarte fan fakkel hawwe wy brûkt yn de Peasketsjinst op TV.

Logistyk: Elts komt op eigen gelegenheid (leafst rinnende of op e fyts) nei Westerhûs. Sels meinimme: iten, drinken en in stoel foar eigen gebrûk. Ek graach in stevige stok meinimme om in fakkel te meitsjen.

Fierders: wy freegje in bydrage fan € 5 pp. as bydrage yn de kosten

Leafst efkes opjaan by ús kleaster-koördinator Annet Draaisma: a.draaisma@nijkleaster.nl

5. *Zomerse stiltemiddag*

Een zomermiddag lang maken we ruimte en tijd om te verstillen in de eeuwenoude kerk van Jorwert en te wandelen door het weidse Friese land. Stil worden is tegelijk een uitnodiging om te luisteren. Wat hoor ik zoal om me heen? En wat vraagt er in mijzelf om aandacht?

We beginnen en eindigen de middag met een korte viering in de kerk. Daarnaast doen we eenvoudige oefeningen die ons helpen stil te worden. En gaan we naar buiten. Je bent van harte welkom.

Zaterdag 14 juli van 13:00 – 17:00 uur in de Redbadtsjerke in Jorwert.

Deze dag staat onder leiding van Saskia Leene, kleasterpastor

Kosten: € 10, –

6. **Ut 'e Pastorij: Op reis nei Afrika**

Gastkolleezjes

Yn de jierren 1998-2002 hawwe Sietske en ik wurke en wenne yn Kumba, in stêd yn it Ingelsksprekkende diel fan Kameroen (yn West-Afrika). Us bern Jornt en Leon wiene mei ús út Nederlân ferhuze nei it seminaarje yn Kumba. Jonas ha wy dêr adoptearre yn 1999. Sûnt 2002 binne wy noch net wer werom west nei Kameroen, mar guon kontakten binne wol bleaun. Yn de simmer fan 2017 waard ik belle troch de nije direkteur fan it seminaarje, dr. David Mbengu: 'Oft ik it earste semester fan 2018-2019 (augustus oant desimber) komme koe om wer les te jaan op it seminaarje'. It ferrifele my bot, mar hy wie tige oertsjûgjend. Hy woe it graach en de presidint fan de Presbyteriaanske tsjerke yn Kameroen, ds. Samuel

Fonki, woe it ek! Beide hiene yn de perioade 1998-2002 studearre en beide wiene se by my ôfstudearre. Ik koe hast gjin nee sizze.

Ik ha doe daliks sein dat in heal jier ûnmooglik wie, mar dat ik miskien wol regelje kinne soe om in oantal wiken gastkolleezjes te fersoargjen foar in selekte groep studinten. Ik ha doe oan de tsjerkeried en oan it bestjoer fan Nijkleaster frege oft ik 4 wiken stúdzjeferlof opnimme mocht om kolleezje te jaan yn Kameroen. Dy tastimming ha ik royaal krigen.

Werom nei Kameroen mei de hiele famylje?

Doe ûntstie it plan om ek as famylje op besite te gean nei Kameroen. Dat soe wol hiel spesjaal wêze, foaral ek om Jonas syn roots werom te sykjen. Mar foar ús allegearre soe it hiel bysûnder wêze. Dus makken wy plannen om mei Jornt en Andrea (Gent), Leon en Haydiên (Lissabon en Rotterdam), Jonas, Sietske en Hinne yn augustus nei Kameroen ta te gean. Ik soe dan bliuwe om kolleezje te jaan, de oaren soene dan wer werom nei Nederlân. Mar ta ús fertriet waard ús al gau dúdlik makke dat wy as famylje net feilich werom komme kinne en dat rûnreizgjen wis net mooglik is. Der binne yn West-Kameroen de lêste jierren grutte swierrichheden en reizgjen is net feilich, seker net foar in groep westerlingen. Wy binne doe stoppe mei it meitsjen fan plannen foar in reis nei Kameroen. Letter ha wy besletten om dochs mei syn allen nei Afrika ta te gean, yn dit gefal Súd-Afrika. Wy hoopje no as famylje op fakânsje te gean fan 20 july oant 5 augustus.

Dochs allinne nei Kameroen?

Mei syn allen op fakânsje nei Kameroen is net feilich. Mar om allinne nei it seminaarje yn Kumba ta te gean om dêr les te jaan is in oar ferhaal. Dan bin ik stabyl op ien plak, mids studinten en kollega's. Krekt as yn de perioade 1998-2002. Ik sil les jaan út namme fan Kerk in Actie. Dy sille ek de feilichheid monitoarje. It kin wêze dat ik op it lêste momint gjin grien ljocht krij om te gean. Sa't it so stiet flean ik rûn 20 augustus nei Kameroen om dêr sa'n 4 oant 5 wiken te bliuwen. Ik sil in spesjale kursus oer myn boek 'Op ús eigen wize' fersoargje foar in groep master-studinten. Myn boek wurdt op it stuit oerset yn it Ingelsk. Ik hoopje dat it troch giet. As alles goed giet, kom yn de rin fan septimber wer thús en hoopje ik dan wer folop beskikber te wêzen foar it gemeentewurk en foar Nijkleaster. De pastorij is yn myn ôfwêzichheid gewoan bewenne. Sietske en Jonas binne thús.

Jimme kinne sjen op it preekroaster dat in oantal kollega's de tsjinsten oernimme. Ik bin Andries Kobus, Jan Strikwerda en fansels Willemien Keuning tige erkentlik!

ds. Hinne Wagenaar